

Fuort mei de brot

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 799 0

1e druk: 2025

© 2025, Meindert Bylsma

Utgjowerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

www.elikser.nl

Printwurk: CSL digitaal B.V.

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Foto omslach: Annie Bylsma

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Fuort mei de brot

Meindert Bylsma



Prolooch

Der wie ris in man. Dy man wol ynienen de bûsboekjes dy't er mear as 45 jier bewarre hat fuortsmite.

‘Fuort mei de brot,’ tinkt dy man, ‘ik moat mysels net finzen sette yn it ferline, net hingjen bliuwe yn wat west hat, net stilstean by doe, ik moat foarút, de gong der yn hâlde. Wat sei heit ek al wer: “Stilstean is efterútgean.” Soe er dat hjoed-de-dei noch sizze? Of soe er no sizze: “De foarútgong kin noch wolris ús ûndergong wurde.” Hawar, heit is der net mear. Ik kin him net mear freegje oft er it wol lykfine kin mei wat ik him no yn ’e mûle lis.’

Al op wei nei de âld-papierkontener set it tinken fan dy man it wer fûleindich op in tinken.

‘Fuortsmite? Mar smyt ik dan net allegear stikjes fan mysels fuort? Stean dy bûsboekjes net fol mei wachtwurden om tagong te krijen ta stikjes fan myn eigen skiednis?’

Dy fraach jout de trochslach. Hy docht it net. Hy smyt syn bûsboekjes net fuort, hy begjint der yn om te sneupen.

It is novimber 2024.

It bûsboekje fan dat jier rint al wer moai nei de ein. It kin hast wer op ’e steapel by de oare bûsboekjes lein wurde. Al mear as 45 jier haw ik myn bûsboekjes bewarre. It earste is fan 1978, blau fan kleur en útjûn troch de “Leeuwarder Courant, hoofdblad van Friesland sinds 1752.”

Foar 1978 hie ik altyd aginda’s, as klantebining krigen fan myn fakbûn. Dêrnei krige ik op Sinteklaas altyd itselde kreas ynpakte pakje. Ik koe oan ’e foarm wol sjen wat der yn siet, mar alle kearen bearde ik wer: ‘Wat soe dêr no yn sitte.’

Sinteklaas syn Dichtpyt hie fan it gedicht dat der de earste kear by siet, wat aardichs makke. Ik ken it noch út 'e holle.

“Miskien tinksto no wol:
wat soe hjir yn sitte,
is it datte of is it ditte?
No dan, ik sil it dy
fuortdaliks mar witte litte,
it is ditte: in boekje
om datte yn te skriuwen
en fansels ek ditte.
Dan kinst yn alle gefallen
dy beide net ferjitte.”

No wit Sinteklaas in soad, mar hy hat net witten dat ik doe al in aginda hie, want as ik no dat earste bûsboekje iepenslach sjoch ik dat it leech is, it is net brûkt. Der stean lykwols al in pear nijsgjirrige lieten yn. It Frysk Folksliet bygelyks. Dat ropt yn 'e earste rigel al op om yn aksje te kommen.

“Frysk bloed tsjoch op! Wol no ris brûze en siede!”

It is fan Eeltsje Halbertsma. Fuort dêrnei stiet in liet dat as titel deselde wurden hat dêr't it Folksliet mei begjint. “Frysk bloed, tsjoch op!” Dat is fan Fedde Schurer. As Eeltsje en Fedde no noch libbe hienen, soenen se har, bin ik bang, besaud ha oer it Fryske bloed. Dat tsjocht by in hiel soad Friezen net op, dat brûst en siedt net. Dat rint der by dy Friezen, benammen as it om har eigen taal giet, mar wat sleau hinne, net oars as it strieltsje fan pispjende âlde mantsjes sis mar. In hiel steal Friezen binne gewoan kloaten dy't it gjin kloaten skele kin dat har taal nei de kloaten giet. Sa, dat is der út!

Nijsgjirrich yn dat earste bûsboekje is ek in list fan

beskerme planten yn Fryslân. Neakene Famkes binne beskerme, Swannepopels, Miggefangerkes, Djerreblommen en Dúnklimmers. Moaie nammen, dy Fryske. Net moai is it om te betinken dat se beskerme wurde moatte omdat se it oars net oprêde tsjin wat wy minsken allegearre útkoarje, de grûn yn, de loft yn, it wetter yn.

Ien beskerme plant út dy list wol ik noch neame: De Grutte Tuorrebout, dy grutte swartbrune. As opslûpen jonges snijden wy dy út 'e feart en leinen se yn 'e sinne te drûgjen. Beskerme? Dêr hienen wy gjin weet fan. Miskien wienen se dat doe ek noch wol net. Drûch genôch stutsen wy fan sa'n tuorrebout it iene ein yn 'e brân en it oare yn 'e mûle. Dan wienen wy mannen fan kwizekwânsje mei in djoere sigaar yn 'e holle. Gewoane tuorrebouten smookten wy ek. Dy wienen tinner en ljochter fan kleur. Dy joegen wat minder oansjen. De sigaren smeulden stadichoan op. De reek dy't der ôf kaam rûkte lekker fûnen wy, mar ús mem rôp altyd: 'Fuort mei dy stjonkdingen.' As bynamme hienen se dan ek stjonsigaren.

Yn datselde earste echte bûsboekje fan 1978 stiet ek in resept fan sûpengroattenbrij. Sûpenbrij seinen wy en wy krigen it sawat alle dagen. Mem makke it net sels. Se kocht it fan 'e molktaper. Dy kaam mei in karre by de doarren del. Op syn brijkarre stie in grutte bus mei sûpenbrij. Dy wie sean yn 't molkfabryk. Under yn dy bus siet in kraantsje. Dêr tape er losse sûpenbrij mei yn in mingel en geat dat dan oer yn in panne dy't mem him mejûn hie. Jûns waard de brij opwaarme op in peteroaljestel. Mem hie der dan by bliuwe moatten om te rieren, mar dat die se har meastal net oan tiid. Dêrom siet de brij sa no en dan oan 'e boom. Hy wie dan wat sangerich. Ek al kokhalzen wy der soms fan, wy moasten it opite, dêr wie gjin ferwin op.

‘Net sangerje! In ekstra leppeltsje sjerp derby en dan priuwe jim der neat fan. Sokke skoandere brij kinne wy net fuortsmite. Earme berntsjes mei hongerbúkjies yn Afrika soenen der in moard foar dwaan.’

Fan ’e tiid ôf dat ik sels baas bin haw ik, nettsjinsteande de hongerbúkjies yn Afrika, noait wer sûpenbrij hân, altyd fla of yochert. Myn frou hat wolris in nostalgyske oanstriid en meitsje it nochris. Ek by har thús stie sawat alle dagen sûpenbrij op it menu, noait sangerich. Har mem wie der wol by bleaun om te rieren.

Sûpenbrij? Harregarre! De mage komt my al omheech as ik der allinnich mar oan tink. Om my te sparjen hat myn frou it noch noait makke. Mar soe se it yn in healwize opstiging dochs nochris dwaan, se sil it, ek al is it net sangerich, sels opite moatte.

Foar minsken dy’t deselde oanstriid hawwe as myn frou, hjir is it resept út it bûsboekje.

“Sûpengroattenbrij.

Nedich: 1 mingel sûpe – 80 gram groat – 20 gram moal – bytsje sâlt.

Hoe te meitsjen: groat foar de tiid yn hwat wetter gear siede, weakke groat yn plusminus 2 ûren, “vlugkokende” groat yn plusminus ½ ûre.

As it groat gear is en hast droech, foarsichtich de sûpe der troch riede, en de brij bine mei it - yn hwat kâlde molke of sûpe oanmakke - moal, efkes sêft trochsiede litte, hieltyd riere, klear!

*Sûpenmoallenbrij: itselde, mar nou sûnder groat.

**Ite mei sjerp -eigen letter yn ’e brij skriuwe- of mei bastere sûker.”

Fan sûpe kinne jo dus sûpengroattenbrij meitsje. Jo kinne it ek gewoan opsûpe. Mar it hat, mei syn maat molke ek noch wat oars op syn gewisse. Dat sit sa: yn 1948 moatte twa molktapers út Aldeboarn foar de rjochter ferskine. Se wurde troch dy rjochter, in Mr. Wolthers, feroardiele, mar sûnder oplizzing fan straf. Wat hawwe se foar misdiedichs dien? Se hawwe “sûpe” en “molke” op har bussen set. Dat roait igge noch seame neffens de rjochter, dat mei net fan de wet, der moat “melk” en “karnemelk” op stean. Dyselde rjochter wol yn 'e rjochtseal ek gjin Frysk ferstean, wylst er dat wol kin.

In skoft letter is it wer safier, hy wol yn 'e rjochtseal wer gjin Frysk ferstean. Yn 't Fean moat dan feedokter Sjirk van der Burg him ferantwurdzje foar in fout yn it ferkear. Hy wol himsels yn it Frysk ferdigenje. Dat mei net fan 'e rjochter. De feedokter hâldt lykwols de foet by de kûle. De rjochter lit him dan in pear oeren yn 'e hal fan 'e rjochtbank wachtsje, saneamd op in tolk. Der is fansels hielendal gjin ferlet fan in tolk, want de rjochter kin him wol ferstean. Mar dat ferdomt er. It is klearebare pesterij. Uteinlik mei de feedokter dochs Frysk prate. “Maar,” seit de rjochter derby, “officieel versta ik u niet.”

Fedde Schurer, haadredakteur fan 'e “Heerenveense Koerier” is lilik en skriuwt in redaksjoneel kommentaar oer it hâlden en dragen fan Mr. Wolthers. Yn it “Bolswarder Nieuwsblad” docht steatelid Tsjibbe de Jong itselde. Schurer syn kommentaar licht der net om. Yn syn artikel mei de kop: “De lêste fan 'e Swarte Heap” neamt er it optreden fan 'e rjochter berneftich, misledigjend en narjend.

De Swarte Heap wie in soarte fan ûngeregeld hierleger dat focht foar wa't mar betelle. Koe of woe de “hierbaas” net mear betelje, dan setten se it op in rôvjen en betellen sa harsels. Yn Grutte Pier syn tiid wienen se yn tsjinst fan

'e Saksers. Troch Saksers waard Pier syn pleats yn 'e brân stutsen en syn frou fermoarde. Neffens J.J. Kalma, skriuwer fan it boek "Grote Pier van Kimsward" wurdt yn in Dútske kronyk de Swarte Heap sa beskreaun: "Ein ûnchristlich und verloren Volk, dessen Handwerk ist Hauen, Stecken, Rauben, Brennen, Morden, Spielen, Saufen usw." Gjin lekkere jonges dus.

Mar no werom nei Fedde Schurer en Tsjibbe de Jong. Se wurde dan beide foar it rjocht dage fanwege mislediging fan in amtner yn funksje. Op 16 novimber 1951 is it proses. Yn Ljouwert, yn it gerjochtsgebou oan it Saailân. In soad Friezen fiele har ek misledige en wolle der by wêze. Mar dat kin net, omdat it proses yn 'e lytse seal fan it gerjochtsgebou holden wurdt. Offisjeel om brânstof út te sparjen, mar ûnoffisjeel nei alle gedachten omdat de rjochter bang is dat der oars te folle lilke Friezen op 'e publike tribune sitte sille, dy't wa wit, wol net yn 'e stokken te hâlden binne. In grutte kliber folk kin dus net nei binnen en moat bûten op it Saailân stean bliuwe. Dêr binne se hielendal net yn 'e stokken te hâlden. Mei sprekkoaren sette se it op 'en protestearjen. Miskien sjonge se wol, mei de rjochter yn gedachten: "Hup sûpengroatten brij en ik sil dy wol krije, hup sûpengroattenbrij en krije sil ik dy."

Der is net allinnich in soad folk op 'e lappen, ek in mannichte oan plysjes. Dy fiele har op in stuit bedrige en roppe in brânsput op. Dy begjint op it folk te spuitsjen en de plysjes huffe der mei de gummykneppels yn. It rint út op in fjildslach, it rint út op "Kneppelfreed".

Yn Den Haach wurde se dan wekker. Der wurde Keamerfragen steld oer de rebûlje yn Ljouwert. Der wurde wetten makke mei mear rjochten foar it Frysk. Sa wurdt bygelyks it brûken fan it Frysk yn it leger ûnderwiis tastien.

Uteinlik hat, soe men sizze kinne, in rjochter dy't it Frysk net ferstean woe, der foar soarge dat it Frysk mear rjochten krige en dat dyselde rjochter yn 1956 sizze moat: "Offisjeel moet ik u verstaan." It bloed moat earst sûpe wurde!

In dei neidat ik it boppesteande opskreaun haw, lêst ik yn 'e krante dat de bazen fan 'e ING-bank har meiwurkers yn 'e Fryske banken ferbiede om Frysk te praten. Allinnich Hollânsk en Ingelsk is tastien. Kin der noch in moaiere oanlieding betocht wurde foar in nije kneppelfreed? Wat in minachting foar ús taal! Soe der noch in espeltsje lilke Friezen tusken alle sleauwe Friezen te finen wêze dy't in kneppelfreed yn in nij jaske organisearje wolle? In retoaryske fraach? Dus ja? Lit ús, want ik doch mei, foar dat nije jaske, om betizing mei kneppelfreed foar te kommen, dan ek mar in oare dei út kieze. Sneon en snein falle út. Dan is de bank ticht en binne de bazen oan it golfen. In moandei dan mar. Op 'e earste dei fan 'e wike der fuortdaliks mar yn huffe. It huffen litte wy yn it nije jaske net oan 'e plysje oer, dat dogge wy sels. En de kneppels ferruilje wy foar mokers. Dêr binne ek folle better de glêzen fan 'e grutte BMW's fan 'e Ing-bazen mei yn te slaan. Wat sil dat feestlik klinke: Ingkeldekinkel, Mokermoandei!

Mar in pear dagen nei 't ik it boppesteande opskreaun haw, lêst ik dat de ING al belies jûn hat. Soenen se bang west ha foar in mokermoandei?

Werom nei de bûsboekjes. Sil ik no alle bûsboekjes stik foar stik systematysk trochnoaskje, of hjir in hap en dêr in snap? Ik kies foar it lêste. It moat gjin biografy fan bûsboekjes wurde. Mei dy beslissing sil ik der wol yn omslaan as mâle Jan yn 'e hinnen fansels, mar hawar, dat moat dan mar hinnebruie. Hapsnap dus en dan mar ôfwachtsje wat der út myn ûnthâld

omheech komt en oft dat dan ek wer oare saken opropt. It iene moat it oare mar úthelje. Sille it teltsjes út fiifenfjirtich jier en ien nacht wurde?

No 't ik mâle Jan yn 'e hinnen omslaan lit, kin ik him ek wol eefkes mâl yn 'e tiid omslaan litte. Net by it begjin, mar by de ein begjinne. Earst mar eefkes yn ien fan 'e lêste bûsboekjes omnoaskje. Ticht by no dus! Dêr wit ik grif noch wol wat fan.

Moandei, 19 juny 2023: Rügen.

Rügen! Dêr sille wy hinne mei in busfol minsken. Allegearre âlde minsken, want der wurde net allinnich grutte koffers ûnder yn 'e bus laden, mar ek moai wat opklapbere rollators. Yn 'e koffers sil nei alle gedachten wol in heech gehalte sitte oan pillen en piltsjes foar kwalen en kwaaltsjes.

It is mear as 600 km, dus nei in oere as trije in kofjeskoft, mar benammen ek in pispauze. Foar de kofje net eamelje seit it sprekward, mar dat kin hjir wol útwreide wurde mei: mar earst al pisje. Heech wetter by de measten! Sawat de helte fan 'e Rügenreizgers fljocht yn 'e Raststätte foar de kofje earst nei it húske. Koartmiellige manlju fansels mei prostaten dy't har bêste tiid hân ha en froulju mei wer oare kinken yn 'e wetterôffier. Elkenien hat al in euro yn 'e oanslach, want fergees pisje is der op 'e autobahn net by. It foar de fakânsje oanlizzen fan in pispotsje is dus in oanrieder. Us beppe soe wol sizze: 'Twa grouwe gûnen betelje om in lyts mieltsje kwyt te wurden? Wêr moat dat hinne. It komt op 'e kop ferkeard mei de wrâld!'

No is der yn ús lúkse touringcar, sa't ús bus yn 'e reisfolder beskreaun wurdt, wol in húske, mar yn dat lytse hokje is it yn in ridende bus in poepetoer om jins hege need in bytsje fatsoenlik kwyt te reitsjen. Ek foar manlju, want

goed rjochtsje is der yn in skodzjende bus net by, de straal fljocht alle kanten út. Mannen moatte dan ek sittend pisje, wolle se de froulju net yn 'e sijk sette. Dat stiet yn dat nauwe hokje ek op in buordsje te lêzen: "Zittend plassen! Geldt ook voor mannen: vrouwen willen graag droog zitten."

Yn dy nauwe romte is it ek noch in hiel geheister om it spul omleech en wer omheech te krijen. It is dus saak om de boel sa lang mooglik, oan 'e pispauze ta, yn te hâlden.

No is Rügen yn myn bûsboekje net it wachtwurd nei in wiidweidich ferhaal oer de pisproblemen fan santicplusplusers mei in lúkse touringcar op fakânsje. It is in wachtwurd nei in hiel oar ferhaal.

Op in stuit sille wy op Rügen nei Kaap Ankona. Justjes foar it plakje Putgarten is it ho. De bus mei net fierder. Hy moat stean bliuwe op in grut parkearterrein dêr. Wy wurde fierder brocht mei in treintsje. Sa'n treintsje sil ús letter ek wer werom nei de bus bringe. Se ride om it kertier en wy kinne sawat oeral wol ynstappe.

As wy wer fuort sille mei de bus is der ynienen panyk. Der mist ien, in frou. Dy is yn Putgarten efterbleaun. Se is har man kwyttrekke. Dêr siket se om. Mar hy stiet al by de bus. Dy man hat sa no en dan in lytse koartsluting yn 'e holle. Hy is eefkes oan 'e oandacht fan syn frou ûntsnapt en op eigen manneboet yn it treintsje nei de bus stapt. Wachtsje dus. Se sil wol yn it folgjende treintsje sitte. Nei twa treintsjes noch altyd neat. De sjauffeur giet op 'e sneup en fynt har. Nei in opûnthâld fan in lyts oerke, kinne wy wer fierder. Mei dat trelit, it missen fan ien, sjit der by my yn 'e holle ek wat koart.

Ik bin in jonge skoalmaster en wy sille mei it skoalreiske nei Hurderwyk. In pear heiten en memmen mei, in molkbus

fol ranja efteryn, allegearre in goed sin en it kin heve. It hichtepunt fan it skoalreiske sil in sjo mei dolfinen wêze yn it Dolfinarium. Foardat dy begjint is der noch wat tiid oer. Wy litte de bern noch eefkes los yn 'e boarterstún dêr. Op in stuit wurdt der omroppen dat de foarstelling begjinne sil. De bern drave al nei de yngong. Wy besykje har yn 'e drokte byinoar te hâlden. Dat liket te slagjen, mar ik krij gjin tiid om te tellen. De doar giet iepen en de bern binne net mear te hâlden. Op in tribune fol mei minsken besykje ik te tellen. Ik tel ien te min. Nochris telle. Wer ien te min. Sjoch ik ien oer de holle? Sit der ien op in oar plak tusken oare bern? Mar wêr dan en wa? De list mei nammen leit yn 'e bus. Ik besykje út te finen wa't it is. Dêr is gjin begjinnensein oan. De sjo begjint. De bern fine it prachtich. Ik ha der net in soad fan sjoen. Ik hie pine yn 't liif: ik telde ien te min.

Nei de foarstelling nei de bus. De nammen hoech ik net iens op te lêzen. De bern roppe al gau: Walter is der net. No, nei 60 jier, wit ik syn namme noch en kin ik him noch sa foar my krije. Walter van L., in skrandere mantsje, in lyts professorke, dat bytiden in bytsje ôfwêzich yn syn eigen wrâldsje op giet en gjin euveldoed hat yn wat der om him hinne bart.

Gelokkich fyn ik him al gau yn 'e boarterstún. Dat alle bern al fuort wienen en dat de foarstelling al begûn wie, is him hielendal ûntgien. Ek al lêse ik him wol eefkes it leksum, ik snap him wol: ik hie it sels wêze kinnen.

As jonkje kin ik allemachtich yn myn eigen dingen op gean, myn eigen feilige gonkje. Mei nocht nei skoalle gean en nei skoaltiid dwaan wat de tiid fan it jier opsmyt: knikkerje, bosterje, hoepelje, hinkelje, topje, keatse, fuotbalje, oer de feart ljeppen mei de boereplons of mei kullebrek, sidekrûp en blikspuit boartsje, salamanders, toarnders en bloedsûgers

fange; aaisykje, kikkertdril út 'e feart fiskje, mûzedrinzgje, djerreblommen plukke foar mem, katsjes snije en dy foar in dûbeltsje it bosk by de doarren del ferkeapje en foar de sinten yn it winkeltsje fan âlde frou G. wyt op swart keapje, of piipdrop om dropwetter fan te meitsjen, of kaugom keapje mei plaatsjes fan filmstjerren: Doris Day en Dona Reed, in pilebôge fan wylgehout meitsje en pylken fan reid, in klapbus fabrisearje fan flearbeamhout en kalmoeswoartels sykje om kûgels fan te snijen, pylkjesjitte mei in plestik buis, tiksels sykje foar de Flaamske Reus, in pypke meitsje fan in kattekloot, stjonksigaren sykje, tsiiskoarsten snaaie út in pikelbus yn 't molkfabryk, snoekfiskjes fange en ferkeapje oan snoekfiskers, hofkesjonge, roeke- en eksternêsten úthelje, âld papier ophelje foar skoalle en sykje oft der ek in "Lach" by sit, hutten bouwe, ilastykjes knippe fan in âlde fytsbinnenbân en dêr in kattepûl fan meitsje of in fytsmotor fan prutse mei in leech skuonpoetsdoaske en in pear knipers, draakjefleane, efteroer yn it hege gers lizze tusken de pinksterblommen, bûterblommen, bargeblommen en hynstebloemen en mei in soerstâlde yn 'e mûle nei de film yn 'e wolken sjen, ûnder it stikeltried mei de buordsjes art. 461 W.v.S. trochkrûpe en der net oan tinke dat dat stikeltrie en dat art. 461 my letter noch wolris parten spylje sil.

Art. 461 W.v.S.

Net bang foar in winkelheakje
yn myn lytse bestean,
krûpte ik ûnder it stikeltried
mei de buordsjes
"Verboden toegang" troch.
Art. 461? It sei my neat!

W.v.S.? Wist ik wa't dat wie!
Dat der wat net yn 'e heak wie,
hie 'k wol yn 't snotsje.
Wat, dat wie woe 'k útfine,
mar tefolle snotnoas noch
waard ik neat wizer.

Letter, yn it grutte bestean,
sloech ik,
wizer wurden,
tocht ik,
mei in slaai fan selsbedroch,
tink ik no,
itselde stikeltried,
mei deselde buordsjes
om wat ik hold foar selsbehâld:
oan 'e feilige kant fan Art. 461 W.v.S.
miende ik mysels wol
winkelheakfrij útfine te kinnen.

No, yn 't lêste stikje fan myn bestean,
fyn ik mysels noch te min útfûn.
Mei ferjierre wiisheid besykje ik wer
ûnder it stikeltried troch te krûpen.
De iene winkelheak nei de oare
hat my by de lurven.
Soe ik wat yn 't snotsje ha moatte?

Mar goed, Walter is der wer. Gjinn pine yn 't liif mear. En wat
bin ik dan alle kearen wer bliid as ik by in skoalreiske net ien
kwyt bin, elkenien wer yn 'e bus haw en de sjauffeur opdracht
jaan kin om sûnder stop regelrjocht wer nei skoalle te riden.

By skoalle oankommen sitte alle bern fansels ûnder de banken sadat it liket dat de bus leech is en dan stap ik allinnich út en sis tsjin 'e wachtsjende heiten en memmen: 'Ik bin alle bern kwyt rekke.' Dy sjitte dan fansels mei grut bombaasje ûnder de banken wei. Sukses fersekere, alle kearen wer. En ik spylje it alle kearen wer mei ynmoeid mei.

Dat wie Walter van L. En no Henky C! Dy sjit my ynienen ek yn 't sin.

As er it lege akwarium yn 't finsterbank sjocht, docht er gjin lichten. Dêr sil wat yn. Hy, Henky himsels, sil dat wol eefkes regelje. Hy wit wol in feartsje mei toarnders, wetterluzen, wetterspinnen en mear fan dat wetterfolk. En wetterplanten? By 't amerfol!

Ik besykje him foarsichtich oan it ferstân te bringen dat er mei it oerbringen fan wat wetterfolk út in feartsje nei in glêzen bak net klear is en dat dêr fersoarging efteroan komme moat. Mar hy lit him net fan syn plan ôfbringe.

Henky hat him oant dan ta net manifestearre as in trochsetter. De rêchbonke is frijwat weak. It is in mantsje fan no is no en moarn duorret noch in hiel skoft. Mar hawar, it akwarium rekket fol en Henky stiet der wol gauris mei stúdzje nei te sjen. Benammen de toarnders, in stik as fiif, hawwe syn niget. En gelok boppe wûnder, mei de fersoarging liket it ek goed te gean. Alle woansdeitemiddeis kroasket er mei in ammerke en in netsje nei de feart en dan hawwe de toarnders in dei letter wer in feestmiel fan fette wetterluzen.

Fjouwer wike duorret de oanslach op Henky syn kriich. In rekord! Mear kin de rêchbonke net ferneare. Hy sakket yn as in te weake skieppetsiis.

Oan it ein fan in woansdeitemoarn as alle bern de frije woansdeitemiddei temjitte fleane, jou ik Henky de wink

om noch eefkes nei te bliuwen. De toarnders hawwe al in moanne lang gjin nij wetter hân.

‘Moatst ris sjen,’ sis ik en rin nei it akwarium ta.

Wat skruten komt er efter my oan skiten.

‘It liket wol as lizze dy toarnders stikem nei ús te gnuven.’

Henky komt wat tichter mei de noas by it glês.

‘En sjochst dy fintsjes wol? En mar trilje en mar trilje mei dy fintsjes.’

Henky knikt.

‘En dan dy sturtsjes. It liket wol as wapperje dy mar wat sûnder doel hinne en wer. Mar dat is net sa. Dêr stjoere se mei, krekt as it roer fan in skip.’

Henky knikt wer.

‘En dy bekjes, iepen en ticht en wer iepen en wer ticht. Ik tink dat se dy wat fertelle wolle. Wat soe dat wêze? Hast wol in idee?’

Mei in bewyske fan wantrouwen sjocht er my oan en skodhollet.

‘Neffens my roppe se yn ’e fisketaal wat tsjin dy. Ik tink dat ik wol wit wat. Do ek?’

Hy skodhollet wer.

‘Sil ik it dan mar sizze?’

Hy gnysket wat skealik en knikt wat sunich.

‘Rotsak!’ raas ik.

Eefkes stiet er stokstiif nei my te sjen. Dan sjocht er nei de toarnders en draaft fuort sûnder wat te sizzen.

Dyselde middeis noch sjoch ik him wer mei in ammerke en in netsje nei de feart ta kroaskjen. De oare deis hawwe de toarnders wer in feestmiel. It sil har galgemiel wurde. Wat it west hat, wa sil it sizze, mar in dei letter lizze alle toarnders mei de búk omheech. By it sykjen nei in ferklearring komt Henky net by himsels út.

‘Se hawwe har ferfretten,’ is syn kommentaar, ‘stom!’

By it sneupen yn 'e bûsboekjes tink ik al gau: allemachtich, wat haw ik in soad gearkomsten hân. Om no noch wurch fan te wurden.

Sa is der op tiisdei 30 maart 1976 in “gearkomste by ús”. Mei wa en wêr't dy gearkomste oer gean sil, stiet der net by. Wol in opdracht foar de neisit: “Grolsch klearsette.”

Minsken freegje wolris: 'Witsto noch wol wêrsto wiest mei “nine-eleven”, of mei de ramp fan 'e MH 17, de kafeebrân yn Volendam, de Bijlmerramp, de treinkaping by Wijster?’

Hast altyd giet sa'n fraach oer rampen. Meastal wit ik net wêr't ik wie. Mar fan ien ramp wit ik it sekuer, de fjoerwurkramp yn Enschede.

Ik haw in blaumoandei, no ja in blauwe twa en in heal jier as “leraar handvaardigheid” yn Enschede wurke. Ut myn lokaal wei haw ik sicht op 'e Grolschtoer. Dy stiet njonken de wyk Roombeek dy't by de fjoerwurkramp yn 2000 folslein fernield wurdt. De ramp is op 13 maaie. Dy datum ferjit ik net. It is de jierdei fan ús jongste dochter.

Wy sitte by moai waar yn 'e tún om har jierdei te fieren. Wy binne op dat stuit al lang wer werom yn it Heitelân. Fan 'e dyk ôf wurdt roppen: “Der is in grutte ramp yn Enschede!” Enschede, dat seit ús wol wat fansels. Wy nei de telefyzje. Dêr is al rillegau wat op te sjen. It giet mâl!

Yn in pakhûs op it terrein fan 'e firma S.E. Firework dy't Sjineesk fjurwurk ymportearret, is brân útbrutsen. Yn dat pakhûs leit sa 'n 900 kilo fjurwurk. Bûtendoar stean noch in pear konteners, ek fol mei fjurwurk. De brân slacht dêrhinne oer. Ien fan 'e konteners ûntploft. In kettingreaksje folget, de iene kontener nei de oare ûntploft en op 't lêst knalt ek de sintrale bunker de loft yn. Panyk, oeral panyk!

Wa't noch fuortkomme kin docht dat. Net elkenien kin op tiid fuortkomme; 23 minsken dea en 950 ferwûne. It is de grutste eksploazje yn ús lân sûnt de Twadde Wrâldkriich.

De Grolschtoer bliuwt stean. Letter wurdt grute dat as ek dy it bejûn hie, der ek noch in tsûnamy fan bier oer Enschede spield wêze soe. Yn dy toer stienen grutte tenks oan 'e kop ta fol bier.

In skoft nei de ramp gean wy der as in soarte fan ramptoeristen nochris hinne om te sjen hoe't alles der hinne leit, mar ek wol om te sjen wat der út myn lokaal te sjen west hie. Om 'e rampwyk hinne is in heech houten skud slein, mei hjir en dêr wat gatten om trochhinne te sjen. En sa't ik al tocht hie, út myn lokaal wei soe ik in earste klas rampsicht hân ha. In nuvere gedachte.

Yn ús Twintse tiid wenje wy yn Lonneker, in lyts plakje deun by Enschede. It wennet dêr moai. In soad bosken yn 'e omkriten. Mar ik kin yn Twinte net aardzje. It leit him net oan 'e minsken dêr, it leit him oan mysels. Ik bin stjerrend ûnwennich nei Fryslân, nei de taal, de romte en it fiere útsjoch. Ik moat sizze kinne: dat tuorke dêr, dat is fan Surch, dan Penjum en fierderop de tuorkes fan Arum, Wytmarsum en Achlum. Yn Twinte kin dat meastal net, dan sit der wer in bosk tusken, dan fiel ik my opsletten. Yn 'e bergen haw ik dat ek. Op 'e kaart sjoch ik dat der tichtby in doarp lizze moat, mar ik sjoch it net. Altyd sit der wol wer in berch tusken.

Dus sa gau mooglik werom nei it Heitelân as ik de kâns krij. Dy krij ik, in baan yn Harns.

Ik stean op 'e seedyk tusken Harns en Surch. Ik sjoch dat út nei Harns. De seedyk makket dêr in bocht. Ik sjoch him